

**SKRIFTLIKE FRAGEN, ex artikel 41 Reglement van Orde**

Rjochte oan DS / lid DS	
Ynljedende taljochting (fakultatyf)	<p>Yn'e ôfrûne jierren hawwe der ferskate plannen west foar it oanlizzen fan sinneparken. Guon binne oanlein, oaren rôpen safolle wjerstân op dat de plannen net trochgiene. De lêste tiid klinkt ek de rop fan saakkundigen lykas de ryksadviseur en ekologen, dat it oanlizzen fan grutskalige sinneparken op ikkers en greiden net winsklik is fanwege negative effekten op bygelyks it boaiemlibben en bioferskaat. Dêrneist hat de ryksadviseur foar de fysike leefomjouwing koartby oanjûn dat it net ferstânnich is om no al sinneparken oan te lizzen op lânbougrûn en dat it better wêze soe om oant 2040 dakken en saneamde "oerhoeken grûn" te brûken foar it oanlizzen fan sinnepanielen.</p> <p>Mei it oanlizzen fan grutskalige sinneparken feroaret it lânskip yngreven en de kwaliteit fan de boaiem/bioferskaat giet efterút. Dêrneist strykt it net mei de winsk om mear ekstensyf te buorkjen.</p> <p>Op oare plakken (bygelyks dakken, ôffalbulden, oerhoekjes by wegen, bedriuweterreinen) is wol romte foar sinnepanielen.</p> <p>De provinsje Fryslân hat wol in hantlieding makke foar de ynpassing fan sinneparken, mar foar de oanlis fan sinneparken is gjin belied. Dêrom hawwe wy neigeande fragen:</p>
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none"><li>1. Is it kolleezje fan doel om foarskriften op te stellen foar de oanlis fan sinneparken? Bygelyks as it giet om de lokaasje en prioritearing (earst op dakken, bedriuweterreinen, âlde stoarten en by sneldiken)?</li><li>2. Sa net, wêrom net?</li><li>3. Sa wol, wannear wurde dizze foarskriften foarlein oan PS?</li></ol>
Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) CDA, Maaïke Prins José Vroonland
Datum	2 july 2018